



Ijbeltje van der Brug – Koopmans

Goaiïngea, 28 febrewaris 1931

Boalsert, 29 desimber 2024

*Liturgy foar de routsjinst foarôfgeand oan de beïerdiging
op sneon 4 jannewaris 2025
yn 'e Martini-tsjerke fan Easterein*

*Foargonger: Ds. Siebe H. Hiemstra
Siebe fan Oanne/Hinke
Oan it oargel: dhr. B. de Vries*

De dei fan hjoed is moarn wer juster,
der is hjir neat wat tiid trochstiet.
Mar, al is it each fan triennen tsjuster,
leafde bliuwt, ek as it wêzen fan ús giet.

MUZYK FAN BACH en FOTOREPORTAAZJE

STILTE, VOTUM en GROET

SJONGE: Liet 247 : 1, 3 + 5

Hear, bliuw my nei by 't fallen fan 'e jûn,
It lêste ljocht is oer de kimen rûn.
Ik haw gjin help en alle treast wurdt wei,
Wês Jo myn helper, Hear, o bliuw my nei.

Gjin oere kin ik bûten Jo bestean,
sûnder jo leafde moat ik ûndergean.
Wêr fyn ik hâld en wa wiist my de wei?
By nacht en ûntiid, Hear, o bliuw my nei.

Hâld foar myn each jo ljocht en blinkend krús,
Skyn troch myn tsjuster, rop my by Jo thus.
Hast komt de moarn, de skaden falle wei.
Yn dea en libben, Hear, o bliuw my nei.

YNLIEDING EN GEBED

DIEUWKE FERTELT OER HAR MEM

SJONGE: Psalm 138 : 1, 2 en 4

Jo loovje 'k út myn hiele hert,
dat elk it heart, mei harp en tonge.
'k Wol foar de goaden fan de wrâld
jo heech bewâld yn psalmen sjonge.
'k Sil, bûgd nei 't hillich godsgebou,
jo leafd' en trou yn 't liet betinke.
Jo litte, o grutmachtich Hear,
jo namme klear oer alles blinke.

Ik socht Jo yn myn bang gebed,
doe mocht myn hert jo bystân fiele.
Jo geast fersterke_ yn freze_en noed
mei krêft en moed myn wurge siele.
Al wat op ierde macht besit,
ienris oanbidt it Jo, o Heare!
Hja jouwe_om 't wurd fan jo ferbûn
oan harren jûn, Jo lof en eare.

Wannear't it giet troch need en nacht,
dan sil jo macht myn libben sparje.
Jo trou sil my op 't deadlik paad
tsjin fijâns haat foargoed bewarje.
De Hear folbringt syn wurk oan my,
Hy stiet my by, syn wil sil barre.
Jo leafde, Hear, hâldt ivich stân;
't wurk fan jo hân, lit dat net farre!

SKRIFTLÊZING: Psalm 18 : 7 en Psalm 91 : 1-2 + 11-16

OERTINKING

OARGELSPYLJEN

SJONGE: Liet 913

Mei de takomst tsjuster lykje,
feilich gean 'k oan Heite hân;
moedich sil 'k de wegen sykje
nei it ûnbekende lân.
Lit my stil Jo folgje, Heare,
wat Jo dogge_is inkeld goed!
'k Sil de dei fan hjoed ferneare
mei in wis en rêstich moed!

Lit my, Hear, jo leafde romje,
al ferstiet myn siel Jo net.
Hja dy 't leauwend ta Jo komme
ha fan tekens gjin ferlet.
Sil myn dei yn nacht feroarje,
Hear, ik freegje net: wêrom?
Ienris sjoch ik al jo gloarje
As ik yn jo himel kom!

Lit mysels de wei net kieze,
'k soe net doare, as ik mocht.
Sykjend soe ik my ferlieze
as ik om myn takomst socht!
Wol myn lot foar my bestimme,
oars gean 'k sunder mis ferlern.
Wol myn hân yn jowes nimme
en my liede as in bern.

Kom my as in heit temjitte,
om 't iksels de wei net ken,
dan sil ik my liede litte
en Jo folgje as in bern.

GEBED

SJONGE: Gesang 221 : 3

Yn jo hoede bin wy wol-bewarre,
as de dea ús each berint.
Hok in hearlikheid sil ús wjerfarre,
as ús peaskemoarn begjint.
Hok in dei, as wy Jo hulde dogge,
wy Jo mank de ingelekoaren sjogge,
steande yn 't ûnstjerlik ljocht,
Hear, dat it sa wêze mocht!

SEINE

OARGELSPYLJEN by it útdragen

BEÏERDIGING

BIDDE by it grêf:

Ús Heit yn 'e himel, lit jo namme hillige wurde, lit jo keninkryk
komme, lit jo wil dien wurde op ierde likegoed as yn 'e himel.
Jou ús hjoed ús deistich brea
En ferjou ús ús skulden, sa 't ek wy ús skuldners ferjûn hawwe;
en lit ús net yn fersiking komme, mar ferlos ús fan 'e kweade.
Want jowes is it keninkryk en de krêft en de hearlikheid
oant yn ivichheid. Amen